

Men moat jins fuotten
net fierder stekke as de
tekkens lang binne

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Wiebe de Boer

Trije klokjes op de Freulepartij;
silber yn 1937, brûns yn 1939
en goud yn 1940

Side 3>



Frysk Kampioenskip

Tietsya van Wieren betsjinnet it
stopljocht; by read is de ljepper
diskwalifisearre

Side 5>



Spulwike

Wat wie it wer in moaie wike.
Yn de spesjale krante wurdt
alles noch in kear belibbe

Spulwike side 2>

Flinke weromgong tal partoeren op Freule

Wommels – Op de list fan de Freule dit jier 41 partoeren. Dat binne der njonken minder as ferline jier en tweintich minder as yn 2004. Nettsjinsteande de weromgong fan it tal partoeren ferwachtet foarsitter Tjeerd Dijkstra fan de stichting De Freulepartij Wommels in iepen en spannende Freule. Wat him opfalt is it hege nivo by de jongeskeatsers.

Troch Hinne Bokma

„Wy sille wenne moatte oan minder partoeren. De weromgong fan it tal jeugdleden is in serieuus probleem”, sei foarsitter Dijkstra ôfrûne sneon by de lotting fan de Freule yn It Reade Hynder. Minder partoeren betsjut dat der yn de moansoeren, by it ferkeatsen fan de earste en twadde omloup, mei in perk minder ta kin. Op de list fan dit jier ûntbrekken keatsplakken as Easterein, Frjentsjer, Weidum en Sint Anne. Foar in Freule mei likefolle



Foarsitter Tjeerd Dijkstra makke de lotting bekend.

partoeren moatte wy werom nei 1992. Doe wiene der ek 41 partoeren. Foar noch minder partoeren komme wy út yn 1969, doe't der 38 partoeren op de list stiene. It aardige is dat sawol yn 1969 as yn 1992 de gouden klokjes fan de Freule yn it eigen doarp telâne kamen. Foar dit jier giet dat net op, Wommels stiet net by de kânschwawers.

It jier mei de minste partoeren op de Freule wie 1910, doe't der mar 21 doarpen en steden oanwêzich wiene. De lêste jierren lei it tal dielnimmende partoeren sa rûn de fyftich.

Der is dizze kear in grut tal kânschwawers. Mei fjouwer oerwinnings yn de ôfdielingswedstriden stiet it partoer fan Dronryp boppeoan. Reduzum wûn twa kear, Berltsum

twa kear en Kimswert ien kear. Yn it rjochje fan doarpen, dat om de priizen meidwaan kin, steane bygelyks Baard, Menaam, Winsum, Hommerts en Tsjom.

De Filla fan de Freule, de wikselprpriis, wurdt woansdeitemoarn werom brocht troch de jonges fan Eanjum, de winners fan 2018. Yn in iepen auto ride se moarns efter it korps oan en by it boarstbyld fan de Freule wurdt de filla oanbean oan de foarsitter fan de Freulepartij.

Skûlje yn tsjerke

Wommels – Wat as it kommende woansdei sok min waar wurdt dat de minsken fan it fjild moatte, sa as yn Frjentsjer by de PC it gefal wie. De Wommelsers kinne nei hûs, mar wêr litte je al dy oare minsken? Yn it plan fan it Freulebestjoer wurdt neist It Dielshûs, it âlde gemeentehûs en it kafee ek de Jacobitsjerke neamd as plak om te skûljen.

Weidum wint 80 jier lyn: 'It wie in geweldige dei'

Wommels – Tachtich jier lyn wûn it partoer fan Weidum de Freule. Foar de tinte stiene Bienze Venema, Jan de Groot en Freerk de Boer. „It wie in geweldige dei”, sa fertelt De Boer, dy't no yn Lelystêd wennet en mei syn 96 jier mooglik de âldste Freulewinner, dy't noch yn libben is.

Yn de finale fersloech Weidum it partoer fan Berltsum. De tredde priis wie foar Raerd, dat mei Piet de Jong, Dirk Ganzinga en Wiebe de Boer nei Wommels ôfreisge wie. In jier letter wûn Raerd de Freule, it wie foar Wiebe de Boer it tredde klokje.

Foaral de huldiging fan it partoer yn Weidum is Freerk de Boer bybleaun. Wie der op de jûns fan de Freule al gâns folk op 'e lappen, de oare jûns organisearre keatsferiening Nije Kriich in offisjele huldiging. Mei it korps Harmonie foarop gong it troch it doarp. „Wy yn in koets mei hynders der foar. It wie in prachtige triomftocht.”

Kening

„Ik gong mei as balkearder. Foaral Bienze wie in geweldige keatser. Hy sloech alles boppe”, sa fertelt De Boer tachtich jier letter. Bienze waard útroppen ta kening fan de partij. Jan de Groot wûn twa jier letter de PC en naam doe de keningsbal yn ûntfangst. Yn 1939 wie it de earste kear en oant no ta tagelyk de lêste kear dat in partoer fan Weidum de Freule wûn.

Side 3:

'Minsken sjogge dy oars oan as't fertelst datst Freule wûn hast'

Gearwurking Wommels-Easterein befalt KNKB wol

Wommels – It omslachpunt wie yn augustus 2017 de huldiging fan it winnende frouljuspartoer fan de PC yn Weidum. De mienskiplike huldiging fan Sjanet Wijnia út Wommels, Imke van der Leest út Easterein en Louise Krol út Ie troch de keatsferienings út Easterein en Wommels smake nei mear. „Beide ferienings steane der iepen foar om gear gear te wurkjen om sa elkoar te fersterkjen”, sizze foarsitter Dirk-Yde Sjaarda fan de KF Easterein en foarsitter Douwe Kooistra fan KF Wommels.

Troch Hinne Bokma

Ferline jier organisearren de Keatsferiening Easterein en de Keatsferiening Wommels al in mienskiplike ledenpartij, better bekend as de Battle Easterein/Wommels. Sûnt ôfrûne maitiid traine de jeugdleden fan beide ferienings mei-inoar en no pakke de keatsklubs tegearre de keatsoff en de generale fan de Frouljus PC op. De KNKB fynt it opearbeidzjen



Dirk-Yde Sjaarda (links) en Douwe Kooistra.

fan de twa ferienings in foarbyld foar oare doarpen.

„It is wat nijs en wy hoopje de gearwurking yn de takomst út te wreedzjen. Mar it is net de oarin nei in fuzje”, sizze Douwe en Dirk-Yde. „Der wurdt net út nead gearwurke. Wy binne beide grut genôch om as selsstannige feriening troch te gean.”

De mienskiplike ledenpartij wie ferline jier sa'n sukses dat er ek dit jier op de keatsagenda kaam. Dit jier wurdt de keatstraining foar de jeugd fan 10 oant 16 jier mienskiplik oppakt. De twa foarsitters jouwe oan dat dit inisjatyf breed droegen wurdt. „Miskyn kinne der yn de takomst mear doarpen út de omkriten oanslute.” Want soargen

oer de stadige weromgong fan it tal jeugdleden is der net allinne yn de twa doarpen, it komt rûnom foar. Op it stuit binne de ferienings drok dwaande mei it tarieden fan de Keatsoff en de generale fan de Frouljus PC. Earder wiene dizze wedstriden altiten oan Akkrum tawiisd, mar troch in tekoart oan frijwilligers hat dizze feriening de organisaasje fan de partijen werom jûn oan de KNKB.

Sa'n fiif ferienings hiene belangstelling foar de twa frouljuspartijen. De kar fan it keatsbûn foel op Wommels-Easterein. „Wy wiene de iennige dy't de organisaasje mienskiplik oppakte”, seit Douwe. De keatsoff, dê't de nûmers 12, 13, 14 en 15 fan de ranking om it lêste plakje op de Frouljus PC keatse, is op 15 augustus (17.00 oere) yn Easterein. De generale, in folwearde frouljus haadklassepartij, is op snein 18 augustus yn Wommels. Takom jier is it oarsom, dan is de keatsoff yn Wommels en de Generale yn Easterein. De frouljus PC is op woansdei 21 augustus yn Weidum.

IEPENLOFTSPUL JORWERT

Stjer yn it tsjuster

IEPENLOFTSPUL JORWERT

September 2019

www.iepenloftspuljorwert.nl

Matrassen 10 daagse



vanaf
15 augustus

VAN DER VELDE
SLAAPCOMFORT | MODE | TEXTIEL
- WWW.BEDDOLOGG.NL -